

## NIJERSKÔGING GWS 10 jannewaris 2025

### Bêste minsken,

Tige wolkom op dizze joun, yn hotel Oostergoo, ús eareleden, leden, introducees en ek yn it bysûnder ús sprekster Sippy Tigchelaar. Mei har sette wy it nije jier yn mei de grutte betsjutting fan de froulju op en om it wetter op de frachtskippen.

Ik begjin wat pessimistysk mei myn soms filosofyske skôging.

De **wrâld** is oerstjoer, ûnlijich, noch mear as yn begin 2024, Oeral oarloch, konflikten, oantaasting fan de demokrasy, in groei fan technokrasjy, autokrasjy en diktatoriale rezjyms. Ek Amearika wordt bedrige yn syn demokrasy. Wy sille der ek hjir grif in soad fan fernimme..

Wy sjogge om ús hinne in soad lúkse en in soad earmoed mei polarisaasje as risseltaat. In protte minsken wolle mear en noch mear, wylst wy einliks minderje moatte en mear op kwaliteit as op kwantiteit stjoere moatte.

It egotinken slûpt as fenyn yn ús mienskip.

Us **oerheit** hat amper gesach, wurdt hast útlake en besiket mei mear regels ús maatskippij te regeljen. It smelle jildtinken stjoert op alle flakken. Us frijheid fan tinken en sizzen wurdt slûpenderwei minder.

It wurdt yn **Fryslân** ek dit jier goed oppasse om de sterke kanten fan de provinsje yn stân te hâlden.

Farre en wenje wy meikoarten tusken stienmassa's der't projektûntwikkelders foaral grouwêlich jild mei fertsjinje en de gemeente noch meer OZB krijt? Pompe wy Fryslân fol mei nije fakânsjeparken, wylst de eigen jongerein gjin wenning fine kin?

**Grou** is in machtich moai wettersportdoarp foaral troch het âlde sintrum oan 't wetter. It aard is foarme yn 't ferline. It âlde sintrum is lytsskalich, hat in bytsje rûmte, de huzen binne hjir trochstrings lyts en lizze deun tsjin mekoar oan. Lytse steechjes en strjitten meitsje it sintrum smûk. It is dan ek sûnt 2010 terjochte beneamd ta "Beskermd Doarpsgesicht".

### Wat is einliks de opdracht foar ús minsken?

Wy moatte de ierde hoedzje troch it soargjen foar skjinne loft, skjinne sûne grûn en skjin wetter en ús op tiid oanpasse oan de kontinue feroaring fan it klimaat. Dat kinne wy allinnich tegearre en net elts for himsels. De minsken moatte foarop stean en net it jild. It jild helpt, mar earst moatte wy oer doel en ynhâld beslute.

### Wat binne wy as GWS dan yn dizze wrâld?

Us identiteit is de ferieniging fan de lytse-boatsjehaven sûnt 1935 ( yntusken 200 lizplakken mei in leech taryf en in tûke havenmaster yn de simmer) en de GWS-skouwenklasse sûnt 1938. Dat besykje wy yn stân te hâlden troch ienfâld en troch tegearre op te wurkjen.

Yn dit lustrumjier dogge wy de gewoane dingen mei in ekstra fersiering derby sa as de barbekjû op de Pôle, de ferskate wedstriidwykeinen mei de Pinkster, Oostergoo, de Feanhoop ,de kampioenswedstriden.

Wy besykje mei de klassekommisje de GWS-skouwen mear prominint yn byld te krijen by de grutte lânlike reünie fan de SSRP yn augustus yn Heech. De GWS-skou is ommers ien fan de âldste ienheidsklassen yn Nederlân. De klasse sil boppedat dit jier yn maaie noch in ekstra eigen wedstriidwykein yn Heech yn gearwurking met de WSH hawwe. De slutingswedstriden fan Sylnocht yn Hempens-Tearns sille yn oktober plakfine.. De skoukes dogge ek wer mei oan it "jeugdzeilen" fan Foar de Neiteam fan de SKS-IFKS yn september.

H.Vochtelloo

De klasse libbet, der komme nije jongere silers by út alle wetterhoeken fan Fryslân en hat sa'n 70 registrearre skouwen. GWS-leden wurde oplaat as wedstriidlieder of -official en de organisaasje fan de wedstriden wurdt entûsiast dien.

De gearwurking mei de oare sylclubs yn Grou, sa as Frisia en Oostergoo, is goed. Wy besykje elkoar oan te foljen.

Wy witte noch net hoe't it komt mei de tanimmende "regeldruk fan" it Wettersportbûn foar wedstriidsilers, wy stean der as bestjoer hiel kritysk yn.

Belangebehertiging foar de brede wettersport wurdt troch it Frysk Regioteam wol prima dien.

De GWS is in bûtengewoane feriening, faaks wol kultureel erfguod.

Wy sille derop passe, hast tsjin de tiidgeast yn. It is net altyd maklik.

It bestjoer hopet op jim stipe.

Ik wol ôfslute mei in âld gedicht fan Harm Otter, dat ik tsjin kaam: (Yn âlde stavering fan de jierren 40.?)

**Lokkich Nijjier** ( Harm Otter)

*Dêr riist in nije dage*

*En winkt in nije moarn; It*

*âlde teach wer hinne*

*En 't nije brekt wer oan.*

*Hwet scil it ús wer bringe,*

*Ja, as 'k it sizze mei,*

*Den bringt it jimme sounens En*

*wolfeart eltse dei.*

Henk Vochtelloo